

KEATSKAMP KRANTSJE 2014



Kabouters, Welpen, Pupillen en de Skoaljeugd

Opgericht in 1904
KF Easterein

Mei mooglik makke troch:



en alle frijwilligers!

In hiel protte tank der foar!

TSUNAMI!!!

We hawwe it dien! Ús earste keatskamp yn Easterein is in feit. En wat foar ien. Wat begûn mei in idee is no wurklikheid wurden. It idee wie simpel: mei elkoar keatse, sliepe (naja sliepe), ite en in hiel soad wille. En dat mear slagge as hope. As in ware tsunami dinjerde it keatskamp troch it doarp hinne.

Yn de Van Dale stiet: “Tsu-na-mi (de; m; meervoud: tsunami’s) door een zeebeving veroorzaakte vloedgolf.” En in floedgolf dat wie it seker. In floedgolf fan bern, frijwilligers, sjijs en limonade, entúsjasme, ynset en fansels it dûnsjen net te ferjit-ten. Wat in prachtich gesicht wie it at de tsunami op hokker momint dan ek út de boksen knalde, wêrtroch elk mei alles stoppe en dat alles mei mar ien doel: hosse!!

Ynmiddels binne we yn elts gefal san 720 stikken bôle, 40 liter molke, 16 kilo patat, 28 liter limonade, 36 pûden sjijs, 200 appels fierder en de rêst is stadich oan wer te finen yn it doarp. Foar jim leit de earste krante fan it keatskamp, sadat jim noch moai efkes neigenietsje kinne. Yts wat wy graach sels ek noch efkes dogge. Grutsk binne we derop dat we trije machtige dagen del setten hawwe kinnen mei dy 58 bern en fansels al dy ekstra pear hannen út alle ferskeidene en soms ferrasende hoeken. It in klisjee mar sûnder jimme hienen we dit net foar elkoar krigen. Hjirby wolle wy dan ek al dy minsken hertlik tank sizze foar alle help foar, tidens en nei it keatskamp. It wie it keatskamp om nea wer te ferjitten en at it oan ús leit: kommend jier wer!

Pytrik, Bauke, Marije & Imke

p.s. Better dan de Facebookberjochten fan hjirûnder kin de sfear foar en nei de tiid net better del sette. Liesbeth Bootsma, ik bin sa frij west dyn tekst te sitearjen.

Sneon 3 maaie 2014

Justermiddei 5 oere op de bank yn sliep fallen fan’e moarn 7 oere wer wekker, Redmer is wer “back to life” nei 3 machtige keatskampdagen! No oan syn moarnsbrochje en straks mar eefkes ûnder de brûs. Syn Fryske kennis is ek aardig byspiekere dizze dagen...

Tiisdei 29 april 2014

Alders fan de bern fan KF Easterein die moarn op keatskamp gean....bin die fan jim ek sa hêlè-maal hyper?? Der stuitet hjir ien troch it hûs, dit shirt, of toch dat shirt, welke gel, rûkt myn douchespul wol lekker, slippers of badslippers.....It boekje is al 100 x troch spitten, wat is ûnder de brûs, wat is moarnsbrochje, wat ite we dan, wer sliepe wy, sliepe we mei de famkes, wat foar spultsje is rekreaasje, wat is in bonte jûn... Je soene hast ferjitte dat je der ek nog keatse sille...



Programma

De kabouters geane nei it waarm iten nei hûs, sy wurde moarns om 08.30 wer bij it iten ferwachte.

Woansdei 30 april

14.30 oere	Sammelje op it keatsfjild + ynstallearjen fan de sliepspullen
15.00 oere	Ynlidingsspultsje
15.30 oere	Klearmeitsje foar de training
16.00 oere	Training
18.00 oere	Ûnder de brûs
18.30 oere	Waarm ite
19.30 oere	Rekreaasje
21.30 oere	Sliepe jongste dielnimmers
22.00 oere	Sliepe âldste dielnimmers

Tongersdei 1 maaie

08.00 oere	Opstean
08.30 oere	Moarnsbrochje
09.30 oere	Klearmeitsje foar de training
10.00 oere	Training
12.00 oere	Ite
13.00 oere	Rekreaasje
15.30 oere	Training
17.30 oere	Ûnder de brûs
18.00 oere	Waarm ite
19.00 oere	Klearmeitsje foar de bûnte jûn
20.30 oere	Bûnte jûn
22.30 oere	Sliepe jongste dielnimmers
23.00 oere	Sliepe aldste dielnimmers

Freed 2 maaie

08.00 oere	Opstean en opromje
09.00 oere	Moarnsbrochje
10.00 oere	Rûnde ien fan de wedstriid
12.00 oere	Pankoek ite
13.00 oere	Rûnde twa fan de wedstriid
15.00 oere	Ofsluting keatskamp

Dei 1 – Woansdei, 30-04-2014

Om 14.30 kwamen de earste bêrn oan bij de Skoalleseize. Hannen fol mei grutte tassen, koffers en sliepsekken wiene se klear foar it earste keatskamp fan Easterein. By oankomst moasten se as earste troch de “doping-kontrolle”. Twa fan de lieding sieten yn grutte wite jassen se op te wachtsjen. Bêrn die snoepkes, koekjes en oare fersnaperingen mei nei binnen woenen smokkelje, waarden extra yn ‘e gaten hâlden.

Om 15.00 oere begonnen se mei in ynliedings spultsje wer der striiden waard tusken de jonges en de famkes. Foar al dizze spultsjes wurde der de hele wieke punten bij hâlden. Nei dizze warming up begonnen de

trenings. Oan it begjin fan it kamp is der ôfsprutsen dat by it nûmer “Tsunami” we springe en gekjeie! Sa ek tidens de trening gong de muzyk lûd en stopte eltsenien mei keatsen en wie der in heale minuut tiid foar gekjeien.

Nei de brûs stie de patat klear en waard der lekker iten! Nei it iten wie der tiid foar rekreaasje. Der waarden seis groepen makke mei of allinich famkes, of allinich jonges. De punten wiene nammentlik jildich foar de striid tusken de jonges en de famkes. Troch it hiele gebou leine der fragen ferstopt oer it keatsen. Úteinlik, hiene de famkes de measte punten bij mekoar sprokkelt, en eindigde de tuskenstan



fan dizze dei op 59 foar de famkes en 52 foar de jonges. Mar dizze striid is noch lang net dien, freed sil der in einspul halden wurde, wer nog fan alles gebeure kin!

Om 21.00 hiene de measte bêrn de pyjama's al oan en de toskan al poetst. Tiid om lekker op bed dus. Mar op bed lizze, betsjut by dizze doerakken net fourt sliepe. Derom wie it seker nedich om even de "nacht-wacht" by de doaren te setten. De jongste dielnimmers hiene wol yn 'e gaten dat it tiid waard om rêst te pakken, en diene dit ek. By de âldere jongerein gong dit al wat muoisum, dat de lieding mar beslûten hat om der nêst sliepen te gean.

Wisten jo dat ...

... Toen we noch net iens 1 nachkje sliept hiene, de bêrn al wisten dat de lieding nachts as sy sliepe patat bakke! Of dat ek echt sa is, sille se noooooit witte!

... Wy op de earste dei fan us kamp sok mooi waar hiene, dat Daniël nei 5 minuten 't shirt al ut hie tidens de trening.

... Deselde Daniël fan mem in grutte pûde snoep krigen hie om ut te delen, hy sei: "Doe ik niet, hou ik lekker zelf. HAH HAH!"





Dei 2 – Tongersdei, 01-05-2014

Nei de earste nacht “sliepe” wiene de bêrn alwer betiid by. Allegear hiene se grut praat dat se hast net slipt hiene, mar se wiene allegear like drok as de dei derfoar. Om 8.00 oere sieten se allegear wer oan tafel, mar se moasten nog wat geduld bewarje tot ek de jongste dielnimmers, de kabouters, der wer by wiene. Yn dizze tiid ha de jonges en de famkes nog tsjin mekoar striiden om ekstra bonuspunten te fersameljen. Toen we compleet wiene, waard it moarnsbrochje fansels iepent mei it nûmer “Tsunami”.

Nei it moarnsbrochje begonnen alle kategorien wer mei de earste trening fan de dei. Spitichernoch, wie it waar net sa moai as Woansdei. It wie wyt en kâld buten, dus ek tidens de training ha we der wer in momentsje fan gekjeien yn goait, om waarmer te wurden. Fansels ek wer mei it nûmer “Tsunami”. Tidens dizze trening is der fan eltsenien in aksje foto makke, dy sille se werom fiene yn hun “keatskamp-diploma”.

Om 12.00 oere ha we mei syn allen wer in stikje bôle iten en makken de bern harren klear foar in oerke rekreasje. Dizze kear wie it búten it terrein, nammentlik in foksejacht! Troch it hiele doarp wiene der foksen ferstopt die allegear in spultsje betocht hiene. Wa de spultsjes it snelste die, wûn úteinlik. It team mei **Jeljer, Corrie, Emma, Senay, Jildert, Jelmer** en **Tjitske**, ha dizze striid wûn. Nei it fieren fan de oerwinning koe eltsenien oan tafel. Op it menu fan dizze dei stoen Bami of Nasi... Spitichernoch, wie de Bami in lyts

bytsje mislearre. Dit makke Hedwich Kooistra hielendal niks ut, want sy hat der hearlik fan iten. De rest ha we blij makke mei Nasi, en foar de bêrn die dit net lekker fûnen, wie der in lekker stikje bôle.

Jûns makke eltsenien harren klear foar in stikje op ‘e Bûnte Jûn. Alle ferskillende kategorien diene in stikje mei harren eigen groepke. En as bonus hiene **Machtelt, Siebo** en **Sydrik** nog in eigen stikje. De Kabouters diene in ferhaaltsje en ha der by fan alles oan it utbyldzjen west. De Welpenfamkes ha in blier dûnske dien op it nûmer “Happy”. Sels makken sy derby in levende pyramide. De Welpenjonges diene in stikje toniel wêrby se de PC keatsten. En fansels eindigde dit feest mei it nûmer “Tsunami”. De pupillen hienen wat de gek mei harren trener. It blykt dat **Bauke** wol es te let komt, derom diene sy in stikje op “Het Pizzalied” fan André van Duin; “Even wachteeee... **BAUKE!**”. De Skoaljeugd diene rupsen nei yn harren sliepsek op it nûmer “Vrouwkes”. Hilarisch gesicht!! As letste it stikje fan **Machtelt, Siebo & Sydrik**. Sy diene in toniel stikje fan ZAAI. Dit grutte spektakel eindigde yn in disco werby ek wer regelmatig it nûmer “Tsunami” foarby kaam. Toen eltsenien ut dûnse wie, koene se wer de pyjama’s oan en op bêd. Der waard fansels nog in snoep ynspekje hâlden. In soad bêrn wiene sa dapper om harren snoepkes toch yn te leverjen. Fansels krigen se dizze letter wer werom. Dizze jûn slipten se samar, want it wie in lange dei west mei in fol programma.



Dei 3 – Freed, 02-05-2014

Om't se sa optiid slipten wiene se fansels ek wer betiid wakker. Tusken 6.30 en 7.00 oere wiene de earsten alwer aktief. De âldsten hiene ek wat lieders wakker makke. Derom folgede foar harren in iere betiide training om 7.00. Meardere rûntsjes oer it fjild drave, opslaan, utslaan en keare siet der allehjer by. Stiekem seechen se dit net iens as in grutte straf, mar fûnen se it geweldich leuk. Foar de lytsere jongerein wie der in gefjocht mei kes-sens. Om 8.00 gong it los en pas toen se ite moasten holden se op.

Dizze moarn hiene de pupillen corvee, en der siet Halbe Willem by. Hy miende wol mei in mega grutte stapel boarden te rinnen kinne, mar dit gong mis. By de tredde stap leine alle boarden oer de grûn. Fjierder gong it bêst.

Nei it ontbijt hiene we noch in lyts oerke om alle bêdden en klean op te romjen en yn te pakken. Dit ferrûn allegear hartstikke flot en de bêrn wiene geweldiche hulpen.

Foar de bêrn wie dizze dei toch wol ien fan de belangrykste. Nammentlik, der wurde échte wedstriiden keatst! De partoeren waarden ferdeeld, de skiedsrjochters waarden te plak set en it koe mar begjinne. Der waard ferskriflik fanatyk keatst. Sels krigen se tuskentroch nog opdrachten sa as: "Wie as earste in sitbal slaat, dy krijt in kadootsje". Dejinge die de bal út, foar of kwea sloeg, kriig in woartel foar it sicht. De ein útslach fan beide omlopen kinne jim ek yn dit krantsje fiene!

Tusken de twa omlopen troch wie it natuerlik tiid foar pankoek ite! Der

wiene wol in stik as 10 pankoek-memmen die hearlike pankoeken foar ús bakt ha. Eltsenien hat safolle mooglik iten as hy of sy koe.

Nei it keatsen wie 't om te sjen wa der winne soene, de jonges of de famkes?! De tuskenstân stie op 85-85, gelyk spul dus! As einspul om de winners te bepalen waarden der 100 ballonnen opblazen. Yn 1 fan de ballonnen siet in fluitsje. As der in jonge as earste op it fluitsje blaze soe dan hiene sy woen. MAR, toen wie der Julia, die seech de ballon mei it fluitsje en blaze sa hurd, dat it fourt dúdelik wie dat de famkes wûn ha. Sy winne de enorme wiksel-beker!! As ôfsluter fan dit moaie kamp, krigen alle bêrn noch in diploma mei in moaie askjefoto.

Wisten jo dat ...

... In protte bêrn "fereale" binne op dit kamp? Sels ha sommige bêrn "keatskamp-ferkering".

... Neist de bêrn ek steltsjes under de lieding binne...

... Gjelt sa lekker lei te koesen, dat d'r net iens yn 'e gaten hie dat hy nachts Sanne Rixt hat ankrûpt!

... Der ek Arjen & Redmer (Stegenga) sa drok wiene, dat se HAST by de lieding sliepe moasten!

Keats útslach kabouters

Omloop 1		Útslach	
1.	Jesper Geertje	2.	Jorn Tjitske
			5 - 2 6 - 4
3.	Liset Hessel	4.	Nyka Mare
			1 - 5 6 - 6
5.	Fianne Nienke	6.	Anke Ridzert
			2 - 5 0 - 6

Omloop 2		Útslach	
1.	Jesper Geertje	2.	Anke Ridzert
			4 - 5 6 - 6
3.	Liset Hessel	4.	Jorn Tjitske
			3 - 5 4 - 6
5.	Fianne Nienke	6.	Nyka Mare
			5 - 1 6 - 6

Wisten jo dat ...

... Op de earste dei d'r in kabouter by wie (Tjitske Joustra) die tocht dat de punten fan it keatsspultsje by halden wurd op in "Telescoop"?
 ... Dat folgens Niels appels blave plakken krije ast se list falle?



Keats útslach Welpen

Omloop 1		Útslach	
1.	Rutger Bernou	2.	Redmer W. Hedwich
3.	Redmer S. Marije	4.	Siebo Senay
5.	Niels H. Benthe	6.	Daniël Welmoed
7.	Niels J. Jildert Tess	8.	Thijs Janneke
9.	Jelmer Mirthe Judith	10.	Arjan Sybrand Gjelt

Omloop 2		Útslach	
1.	Rutger Bernou	2.	Arjan Sybrand Gjelt
3.	Redmer S. Marije	4.	Redmer W. Hedwich
5.	Niels H. Benthe	6.	Siebo Senay
7.	Niels J. Jildert Tess	8.	Daniël Welmoed
9.	Jelmer Mirthe Judith	10.	Thijs Janneke



Wisten jo dat ...

... Judith & Daniël tinke dat je 0,15 cent yn kinne ruilje foar 1 euromunt!



Keats útslach Pupillen

Omloop 1		Útslach	
1.	Roelie Folkert Jan	2.	Nynke Nadja
			5 - 5 6 - 6
3.	Halbe Willem Emma Amber	4.	Machtelt Tessa Marrit
			3 - 5 6 - 6
5.	Bauke Jan	6.	Corrie Marc
			1 - 5 4 - 6

Omloop 2		Útslach	
1.	Roelie Folkert Jan	2.	Machtelt Tessa Marrit
			5 - 0 6 - 4
3.	Halbe Willem Emma Amber	4.	Corrie Marc
			0 - 5 2 - 6
5.	Bauke Jan	6.	Nynke Nadja
			1 - 5 2 - 6

Wisten jo dat ...

*... In soad bêrn harren best dien
ha om sa goed mooglik d'r ut
te sjen yn 'e sliepséal. Foar it
sliepen waard der fink showt
mei piama's. Sa hie Mirthe
Overal in prachtige kat op har
piama, en hie Jan Joustra in
spiderman piama. Fjierder foelen
de sokken fan Selma ek op!*



Keats útslach Skoaljeugd

Omloop 1		Útslach	
1.	Rutger Rimmer	2.	Jeska Sydrik
3.	Julia Jeljer	4.	Selma Alien
			5 - 5
			6 - 6
			2 - 5
			6 - 6

Omloop 2		Útslach	
1.	Rutger Rimmer	2.	Selma Alien
3.	Julia Jeljer	4.	Jeska Sydrik
			2 - 5
			2 - 6
			4 - 5
			4 - 6



Wisten jo dat ...

... Dat der selfs bêrn binne dy
net fan corvee halde. Sybrand
Vellinga hie der alles foar oer
om de corvee te ûntrinnen
(sjoch de foto mar!)



Foar meer foto's sjoch op facebook.com/kfeasterein

Oant folgjend jier!